


# KRYPTOGRAM 280a


Let op!  
Graach eltse oplossing  
apart ynstjoere!  
De winners wurde  
bekend makke op de  
earstfolgjende Fryske  
puzelside.

## OPLOSSINGEN WIKE 11

### Kryptogram 279a:



Plaknamme:  
**DAMWÂLD**  
Winner Boekebon:  
Cor en Anneke Jousma,  
Feanwâlden



### Horizontaal

- 1 By 't winter in alpine baksel, yn 'e simmer in griene pankoek (7)
- 5 Staaazje rinne by in filmregisseur (11)
- 6 Bústehâlders dy 't stienhurd binne (7)
- 8 Komt sa no en dan om yn in steamskip (4)
- 9 Geskink op it skaakboerd (5)
- 10 Earlik net op slot (5)
- 12 Fearman (10)
- 15 Hjít net neamd te wurden (6)
- 18 Krige nea tastimming fan it haad, al wrong hy him yn alderlei bochten (8)
- 19 Frijetiidsbesteging fan de kastlein (10)
- 21 Materiaal foar finsterslûven (13)
- 22 Binne te sjen op fetlik sop (5)
- 23 In bepaalde reden (10)
- 24 Dy Aziaten raadsen as downen (7)
- 26 Famyljeblêd (15)
- 27 Fan it stokje gean by hurddraven (9)

### Fertikaal

- 1 Lêste omloop om kastielen (9)
- 2 Fijannige gedachte (5)
- 3 In brok yn de kiel fan Eva (10)
- 4 'n Persoan is it perfoast net (6)
- 5 Bisten dy 't komplimenten krije (7)
- 7 Oplieding foar wolfarrende âlden (15)
- 11 In baas kapper (11)
- 12 Swiet útbiten (5)
- 13 Dy dûnsje mei hannen en fuotten (8)
- 14 Feintsjes dy 't allegeduerigen de keatsbal útslaan (10)
- 15 Foar tûnen yn in rjocht stik Brabânsk wetter (7)
- 16 De karre fynt men wier op De Jouwer, yn It Skoat en op it Saailân (9)
- 17 Stokje fan de admiraal (10)
- 20 Sa giet dat mei ekstra klean (8)
- 25 Berchetappe dy 't yn de garaazje einiget (5)

As it kryptogram klear is, fine jo yn de hokjes: 4 - 2 - 22 - 23 - 27 - 15 in Fryske plaknamme. Mail dy namme nei [denksport@lc.nl](mailto:denksport@lc.nl), ûnder fermelding fan **Kryptogram 280a**. Of skriu dy namme op in brievekaart en stjoer dy oan: Redaksje Ljouwerter Krante, postbus 394, 8901 BD Ljouwert, mei op de adreskant: **Kryptogram 280a**. De oplossing moat op syn lêst tongersdeitemoarn **9 april** by ús wêze. Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurdt in **boekebon t.w.v. €15,-** ferlotte.